

Beste dorpsgenoten,

De redactie is blij dat er weer een aantal adverteerders bereid zijn gevonden om middels een advertentie onze dorpskrant te ondersteunen. Hartelijk dank daarvoor!

In deze uitgave een terugblik op de ‘vruchtbare’ vergadering van de Doarpstún die werd gehouden op 30 september jl. Fijn dat er zoveel creativiteit is in ons dorp.

In de bijdrage van de Lofstem kunt u lezen dat het bezoek van het Amerikaanse orkest dat in mei gepland stond, niet doorgaat. Heel jammer want er waren al wel aanmeldingen van gastgezinnen binnengekomen. Gelukkig gaat het donateurs/herfstconcert wel gewoon door, op zaterdag 23 november.

Nieuwe bewoners in het Thomashuis op De Harste! In de rubriek ‘Yn ‘e kunde komme mei’ leest u hierover. Iets verderop in deze koekoek een kleine impressie van het afscheid van Michiel Anema en de kinderen.

Mocht u een Frysk boek cadeau willen geven met de feestdagen, denk dan even aan de Sútelaksje die dit jaar weer door Greta Hoekstra wordt opgezet. Hoe het werkt leest u in deze Koekoek. Net als de gang van zaken rondom de jaarlijkse voedselbankactie van de diaconie.

Onze sportvereniging doet een dringende oproep voor badmintonspelers. Gezond voor lijf en leden en bovendien gezellig; op de maandagavond naar de sporthal!

De komende weken is er van alles te doen in dorpshuis De Kamp; zo komt op 23 november de Goedheiligman een bezoekje brengen. Raadpleeg voor alle activiteiten de agenda op de laatste pagina.

Wolkom oan de nije ynwenners fan 'it Thomashûs'  
oan de Harstewei 20 yn Sumar.



**Wat binne jim nammen?:** Jehannes Bokma (41 jier) en Aaltsje Jitske Wierstra (40 jier), mei harren famkes: Ilse Mare (16 jier), Emma Brecht (14 jier), Dycke Fardau (11 jier) en Suze Maite (8 jier).

Jehannes is opgroeid yn Wommels en Aaltsje Jitske yn Turns. Fiifentwintich jier ferlyn ha sy ferkearing krigen en sy binne ûndertusken registreare as partners. Sy ha earst tegearre wenne yn Wâldsein en binne doe ferhûze nei Tersoal, dêr binne ek de fjouwer bern berne.

**Wat dogge jim oerdei?:**

Aaltsje Jitske hat in soad erfaring yn it wurkjen mei minsken mei in ferstanlike beheining. Nei har oplieding SPW-Maatskippeleke soarch, wurke sy 14 jier yn in soarchynstelling yn Snits

Fia in muoike fan Jehannes kamen sy yn de kunde mei de Thomashûsformule. Doe hat Aaltsje Jitske fjouwer jier mei in soad nocht yn it Thomashûs fan Arum wurke. Geandewei begûnen sy doe tegearre te dreamen oer it selsstandich runnen fan in Thomashûs.

Jehannes komt út it ûnderwiis. Hy hat tsien jier as learkrêft wurke en is dêrnei lokaasjelieder en direkteur wurden fan basisskoallen yn Aldeboarn en Stiens. Sûnt 1 oktober ha sy no dan de oerstap makke nei it Thomashûs yn Sumar nei in hiel soad oerlis mei Michiel. De erfaring yn it lieding jaan fan Jehannes en de útwreide erfaring fan Aaltsje Jitske yn de soarch, fulle elkoar prachtich oan. Sy kinne in soad fan elkoar leare: Aaltsje Jitske oer de organisaasje en it lieding jaan en Jehannes oer de soarch en it reilen en seilen yn in lyts-skalige wenfoarsjenning.

Ilse Mare sit yn Havo fiif op 'it Bogermankollege' yn Snits. Sy reizgjet eltse dei mei it iepenbier ferfier. Emma Brecht sit op it VMBO-GT 'it Singellân' yn Burgum yn de tredde klasse. Dycke Fardau sit yn groep sân en Suze Maite yn groep fiif op It Bynt yn Sumar.

### **Wat hat jim yn Sumar brocht?:**

Mei it wenjen yn Sumar, begjinne Aaltsje Jitske en Jehannes oan in hiel nij aventoer mei harren hûshâlding. De bern fine de ferhúzing hiel spannend, mar sy stean achter de kar fan harren âlden en sy dogge it neffens Aaltsje Jitske en Jehannes hiel goed. Op 1 septimber binne sy al wenjen gien yn Sumar om har as hûshâlding rêstich ta wenjen te setten, neidat sy in hiel trajekt efter de rêch hienen om yn de kunde te kommen mei alle bewenners, meiwurkers en wettelike fertsjinwurdigers fan it Thomashûs. Der wie in hiel goed kontakt mei Michiel en de oerdracht is dan ek hiel fijn ferrûn. No draaie Aaltsje Jitske en Jehannes al geregeld mei op de wurkflier en ha in fijn kontakt mei bewenners en team en dat betrouwen jout harren in goed gefoel.

### **Wat is jim earste yndruk?:**

Jehannes en Aaltsje Jitske ha in sterke affiniteit mei minsken mei in ferstanlike beheining en fine it geweldich om as partners harren krêften te bondeljen en tegearre rjochting te jaan oan it Thomashûs yn Sumar.

Dizze stap is net allinnich foar harren beiden hiel weardefol, mar ek foar harren as hûshâlding. Sy sjogge it as in grutte wearde en sjogge út nei in goeie balâns yn harren nije libben. De swimfiver by it Thomashûs soarge in skoftsje ferlyn al foar in kostber momint: Twa bewenners gienen hiel spontaan mei de fjouwer famkes swimmen. Jehannes en Aaltsje Jitske hoopje dat soksoarte mominten foar in nije beweging en ferbining yn de wengroep soargje.

Op dit stuit wenje der acht bewenners, mei de moochlikheid om út te wredzjen nei njoggen. De groep wennet al trettjin jier mei elkoar en kinne elkoar hiel goed. Dit makket dat de minsken mei elkoar in unike en hechte bân ha. Dêrby is der in stabyl en belutsen team fan meiwurkers wat foar Jehannes en Aaltsje Jitske in stevige basis is om fierder op te bouen. It jout in waarm gefoel.

Aaltsje Jitske jout noch oan dat it team kompleet is, mar dat der noch genôch romte is foar frijwilligers. 'Minsken yn Sumar: jim binne mear as wolkom! Kom gerêst efkes lâns'.

### **Wat binne jim hobby's?:**

Aaltsje Jitske en Jehannes meie hiel graach nei konserten en festivals gean. Sy hâlde fan in hiel soad sjenres fan muzyk (lykas Di-rect, Rammstein, Goldband) en litte harren bern dêr ek mei yn de kunde komme. Sy binne dan ek mei elkoar nei it Hullabaloo festival west yn Grins. Mar ek gean sy graach nei 'de Neushoorn' yn Ljouwert. Aaltsje Jitske mei dan ek graach sjonge. Jehannes hâldt fan klussen yn syn frije tiid en dêr kin hy him dan ek hielendal útljibe boppe yn harren nije wenning.

Sy meie allegearre graach swimme en binne tige bliid mei de swimfiver op it hiem. Ilse Mare fuotballet by Jirnsum/Grou en Jehannes is dêr trainer/coach. Allegear ha sy oan keatsen dien en yn ferbân mei de ferhúzing binne sy no allegear in bytsje op syk nei in nije sportferiening as sportsintrum. Der is yn elts gefal in soad beweging yn de famylje.

### **Misse jim ek wat yn Sumar?:**

Yn Tersoal wennen Jehannes en Aaltsje Jitske midden yn it doarp, dus altyd minsken om harren hinne en altyd in praatsje. No wenje sy dochs wat mear bûten it doarp en dat is wol oars.

Mar it begjint al wat te kommen dat der minsken as bern oan de doar komme en sa ûntsteane der al wat kontakten. It is ek in hiele drokke tiid west en der is noch gjin dei foarby gien yn Sumar sûnder ôfspraken, dêr moatte sy harren wei noch wat yn fine. De feroarings fiele foar harren allegearre as in emosjonele rollercoaster en dat giet fansels mei ups en downs. Dochs kinne sy no al sizze dat it goed fielt en dat it in waarm wolkom wie yn it Thomashûs.



*Jehannes, Aaltsje Jitske, Ilse Mare, Emma Brecht, Dycke Fardau en Suze Maite: wy winskje jim in hiel soad wurk- en wenwille ta yn Sumar en hoopje dat jim jim hiel gau thús fiele sille by ús yn it doarp.*

**VOEDSELBANKACTIE 6 EN 10 NOVEMBER**

Jouke Hoekstra

De 'Dankdag voor Gewas en Arbeid' wordt iedere eerste woensdag van november gehouden.



Sinds jaar en dag houdt de Diaconie op deze dag een inzameling van voedsel en/of geld, bestemd voor de Voedselbank Tytsjerksteradiel.

Deze actie blijkt al jaren een 'succes', gezien de grote inbreng van voedsel en geld. In tijden van torenhoge inflatie en hoge(re) energieprijzen is deze actie meer dan nodig, want de hulpvragen bij de Voedselbanken nemen alleen maar toe.

De Diaconie Sumar organiseert 2 inzamelmomenten in It Trefpunt (het gebouwtje naast de kerk):

**Woensdagavond 6 november tussen 18.30 - 19.30 uur**

**Zondagochtend 10 november tussen 09.00 - 09.30 uur**

U kunt de actie op 4 manieren ondersteunen:

**1. Doneer (voedsel) producten**

Welke producten kunt u zoal brengen:

- pasta – rijst – blikgroente – vlees in blik - houdbare zuivel in pakken - koffie/thee - aardappelpuree (pak) – (zak) aardappelen - chips / borrelnootjes - houdbaar broodbeleg - bakolie/olijfolie - vruchtensap in pak – producten voor de persoonlijke hygiëne - etc.

Let bij het verzamelen thuis (of inkopen in de winkel) op de houdbaarheidsdatum en geen aangebroken / gebruikte verpakkingen inleveren.

**2. Ondersteun de actie financieel**

Breng een envelop met inhoud tijdens een van de twee inzamelmomenten.

Een bijdrage overmaken op de bankrekening van de Diaconie. Vermeld bij de betaling: "Voedselbankactie november 2024". Het rekeningnummer van de Diaconie is: NL87 RABO 0362 7681 10

**3. Douwe Egberts waardepunten**

Met het schenken van D.E waardepunten aan de Voedselbank, kunnen er pakken koffie gekocht worden van de waardepunten.

**4. Postcodeloterij cadeaukaart "Geniet van het Goede"**

Ook in 2024 ligt er een cadeaukaart t.w.v. € 12,50 klaar voor alle deelnemers van de Postcode Loterij. Vanaf 24 oktober kunt u de cadeaukaart in uw brievenbus verwachten.

Deze cadeaukaart is ook meer dan van harte welkom, want de Voedselbank kan deze inleveren bij de Albert Heijn. Let wel op: u dient de cadeaukaart thuis te activeren, alvorens u deze inlevert.

**Mogen we rekenen op uw steun?**

***"Meiinoar troch de tiid"***



## NIEUWS VAN DE SPORTVERENIGING

Akke Hiemstra

De badminton en de volleyballers zijn weer gestart met de trainingen in september. Het zoeken naar een **nieuwe leiding voor gymnastiek, Zumba en Yoga** gaat nog steeds door. Tot nu toe nog zonder resultaat, maar we geven nog niet op!



De beide **volleybalteams** hebben de eerste competitiewedstrijd inmiddels gespeeld.

De dames spelen de competitie wedstrijden op donderdagavond. De thuiswedstrijden zijn in Sporthal De Nieuwe Westermar.

De eerste wedstrijd was echt weer wennen voor de dames, een hogere klasse en ze zijn een nieuw systeem (opstelling) aan het leren met Ria. Dit liep nog niet helemaal gesmeerd. 0-4 verloren. De heren hebben de wedstrijden meestal op vrijdag in de Sporthal De Wetterstins. Ze spelen een dubbele competitie! NeVoBo-competitie en Dorpencompetitie. De allereerste NeVoBo-wedstrijd hebben ze net niet gewonnen: 2-3.

De **badmintonlessen** draaien minder goed. Een klein enthousiast groepje probeert wekelijks te trainen. Dit lukt niet altijd als er 1 of 2 ziek, geblesseerd, of afwezig zijn gaat de les niet door. Coby Fonk geeft leiding aan de badmintonleden. Na de instructies gaan ze fanatiek wedstrijdjes doen. Nieuwe leden zijn nu echt noodzaak! De Sportvereniging wil de badminton heel graag behouden, dus 'net stinne, mar hinne'!! Zie verder de flyer van de badminton.

Sportgroep	Dag/avond	Trainingstijden
Badminton	maandagavond	20.00-21.30 uur
Volleybal dames	dinsdagavond	19.00-20.30 uur
Volleybal heren	dinsdagavond	20.30-22.00 uur

Voor meer info kijk op de **website: [sportiefsumar.nl](http://sportiefsumar.nl)** of  
**Facebook: Sportvereniging Suameer**



**Namens het bestuur en leiding.**

Voorzitter	Aly Hoekstra
Penningmeester	Roy Lykelema
Secretariaat	Rinnie Veenstra Akke Hiemstra

**TOT ZIENS IN DE SPORTZAAL!**

Het bestuur denkt actief mee met de commissie van de dorpskernvernieuwing. Wij willen graag dat het dorp optimaal zijn kansen benut, ook op het gebied van sport, gezondheid en welzijn.

**YNFORMAASJEJÛN DOARPSTUN SUMAR***Tineke Dorenbos*

De betinkers fan Doarpstún Sumar mochten 5000 euro yn ûntfangst nimme fan gemeente Tytsjerksteradiel foar it Bêste Idee fan Tytsjerksteradiel. De ynformaasjejûn yn Dorpshuis de Kamp op moandei 30 septimber wurde troch 13 belangstellenden besocht. De Doarpstún is in idee fan Diakonie Sumar, oanslútend by harren stipe foar sosjale projekten dy't ticht by de mienskip yn eigen omjouwing realisearre wurde. Sierd hat foar de doarpstún in earste opset en begrutting makke dy't troch de gemeente beleand is mei it Bêste Idee fan Tytsjerksteradiel.

Foar de doarpstún binne noch gjin fêststeande plannen. Ferskillende lokaasjes binne besjoen en besprutsen, wêrut in earste gearwurking ûntstien is mei it bestjoer fan Iisbaan De Bleense. Fanút de diakonie binne Jouke Hoekstra en Sierd Veenstra oanwêzich, iisbaan De Bleense wurdt fertsjinwurdige troch Baukje Oppers en Anja Bastiaannet. By de iisbaan leit efter de hûzen oan de Jister in geskikt lapke grûn dy't yn byld komt foar de, earst lyts op te setten, doarpstún. De om- en oanwenjenden binne ynformearde en útnûge om harren idee of beswier kinber te meitsjen.

## YNFORMAASJEJÛN DOARPSTUN SUMAR

*Tineke Dorenbos*

It ûntwerp stjit noch yn'e berneskuon, konkrete útwurking moat noch barre, mar omwenjenden sjogge foarearst gjin tûkelteammen.

De earste reaksjes yn en út it doarp binne posityf. Guont hawwe harren al oanbean om de hannen út'e mouwen te stekken, oaren sjogge it wol sitten dat elkenien meihelpe kin en de griente of oare opbringst werom komt op de tafels yn'e Sumarder hûzen.


It moat foaral in sosjale doarpstún wurde, sichtber en tagonklik foar elk, sadat ferbining ûntstiet tusken tinkers, túnkers, en ôfnimmers.

Gearwurking mei de doarpskoalle of sosjale wurkprojekten fanút gemeente Tytsjerksteradiel binne ideeën dy't fan'e jûn foarby kamen. Mar earst moat in plan makke wurde foardat de skeppe yn'e grûn kin. Fanút de oanwêzigen is in wurkgroep gearstald dy't oan de slach gjit mei it proses en de ynformaasje rûnom it projekt.


It wie in fruchtbere jûn, wy hâlde jimme op de hichte fan de ûntjouwing. Fragen, belangstelling, of in goed idee foar Doarpstún Sumar? Sierd Veenstra is beskikber foar reaksje of fragen fia 📞 06-27536564



# DOARPSTÚN SUMAR



Ôfskie fan Michiel, David, Bram en Marieke  
fan it Thomashûs yn Sumar



Nei 13 jier wenjen en wurkjen yn it Thomashûs, binne Michiel Anema en de bern op 1 oktober ferhûze nei Hurdegaryp. Sy ha goeie opfolgers fûn yn Aaltsje Jitske en Jehannes en kinne no mei in hiel goed gefoel werom sjen op in moai aventoer. Wy ha mei elkoar ôfskie naam fan harren op freed 27 septembar tidens in geweldich feest yn de Kamp. Tagelyk koe eltsenien doe mei de nije soarchûndernimmers yn de kunde komme. Foar de bewenners is it in hiele feroaring en dat jowt fansels ek wol wat spanning. Foar it ôfskie ha wy doe mei elkoar in liet opnommen en dit is op it feest ôfspile.

Hjiryn sjonge de bewenners en meiwurkers foar Michiel oer harren wurdearring en tank!

*Lied voor Michiel (wijze: engelbewaarder)*

In 2011, is het begonnen  
 Michiel en Fokje, in't diepe gesprongen  
 Een Thomashuis starten met heel goede moed  
 En in Sumar wonen beviel hen ook goed  
 Met David en Bram, en baby Marieke  
 Jan, Els en Menno en toen ook nog Nyckle  
 Een feest om te wonen met liefde en aandacht  
 En dat op de Harste, wie had dat gedacht?

Refrein:

*Ik weet nu, dat er een engelbewaarder bestaat.  
 Het is Michiel, die hier nu voor ons staat  
 Ik weet nu ook, dat een engelbewaarder eens moet gaan  
 Misschien is dat beter, maar het kost ons wel een traan.*

In juni kwam Geke en toen Hendrika  
 Elmer wat later en daarbij nog Nico  
 Nycle vertrok en Jochem erbij  
 De club was compleet met de leiding erbij  
 Maar ook verdriet komt eens in je leven  
 het afscheid van Fokje heeft veel pijn gegeven  
 Ondanks 't verdriet ging Michiel toen toch door  
 wij als bewoners zijn dankbaar daarvoor.

Refrein

En nu gaat de sleutel naar Jehannes en Aaltsje  
 dat vieren we samen hier in dit zaaltje  
 We gaan met vertrouwen de toekomst nu in  
 Samen met jullie en jullie gezin

Refrein

*Ik weet nu, dat er een engelbewaarder bestaat.  
 Het is Michiel, die hier nu voor ons staat  
 Ik weet nu ook, dat een engelbewaarder eens moet gaan  
 Misschien is dat beter, maar het kost ons wel een traan.*



Tige tank foar alles Michiel en wy winskje jim alle goeds ta foar de takomst!



De wikseling fan soarchûndernimmers op it Thomashûs Sumar is op in hiele noflike en waarme wize ferrûn

## AGRIRUN 26 OKTOBER

Wieke Schievink

De allereerste Agrirun!

Op zaterdag 26 oktober 2024, zal de allereerste Agrirun plaats vinden.

Er wordt een route van 5 km en een route van 10 km afgelegd en uiteraard met een agrarisch vleugje!

Het hardlopen wordt steeds populairder en is een goede training voor o.a.

- Het helpt je cholesterol te verlagen
- Het helpt je botten te verstevigen
- Het kan je immuunsysteem versterken
- En nog veel meer voordelen!



LET OP: de routes hebben verharde, maar ook onverharde delen (weilanden)! Houdt hier rekening mee

*De inschrijvingskosten bedragen € 8,00*

*Na afloop is er een warme hap & een borrel verkrijgbaar!*

*Er worden foto's & video's gemaakt deze dag*

### Tijd:

Start 5 KM: 11.00 uur

Start 10 KM: 10.30 uur

### Waar:

Voetbalkantine VV Sumar

Joute vd Meerweg 2/A

### Opgeven kan via:

06-22017015 of

info@agrifit.nl





## **Word Lid van onze Badmintonclub bij Sportvereniging Suameer!**

**Lijkt het je leuk om bij onze club te komen?**  
Wij zijn op zoek naar nieuwe leden!

### **Wat bieden wij?**

- Gezelligheid: een leuke en relaxte sfeer.
- Laagdrempelig: geschikt voor iedereen, van beginners tot gevorderden.
- Begeleiding: onze ervaren trainster staat klaar om je te helpen.

### **Proefles**

- **Wanneer?** Elke maandag om 20.00 uur
- **Waar?** Sporthal Sumar
- **Kosten?** 4x gratis!

### **Waarom Badminton?**

- Verbeter je conditie en vaardigheden
- Maak nieuwe vrienden en geniet van sport
- Een geweldige manier om actief te blijven!

Kom gerust langs en ervaar het zelf!  
Heb je vragen of aanmelden?  
Neem gerust contact op met:

Akke            06-42553192 of  
Joke            06-12369470



**We hopen je snel te zien!!**

**Badmintonclub Sumar – Samen sportief en gezellig!**



**VLEERMUIZEN IN DE DORPSKERK***Jouke Hoekstra*

Een bericht van ecooloog Jelmer Groen uit Leeuwarden, over vleermuizen op de zolder van de Dorpskerk.



Recent zijn we in de kerk geweest om vleermuizen te tellen. We telden 52 individuen van de gewone grootoorvleermuis.

Geen onverwachtse uitslag, want we weten dat deze relatief zeldzame soort in de kerk een kraamkolonie heeft.

Dit houdt in dat de vrouwtjes van de plaatselijke populatie van deze soort jaarlijks maanden lang in de kerk samen komen om daar hun jongen te krijgen.

Dit is voor ons een goed moment om ze te tellen. De 52 vleermuizen betreffen waarschijnlijk vrouwtjes plus de jongen van dit seizoen.

Door de jaren heen laat deze kraamkolonie stabiele aantallen zien, waar wij natuurlijk erg blij mee zijn.

Met vriendelijke groet,

Jelmer Groen  
Ecoloog uit Leeuwarden





## Ut it argyf fan Sumar

Kriminaliteit is fan alle tiden. It kaam eartiids like goed foar as tsjintwurdich. Dizze kear in ferhaal oer stellerij yn Sumar.

Oan de súdkant fan de Greate Buorren hat ienris in pleats stien. It wie in mânske pleats dy't yn 1764 boud is. Twa hûndert jier letter, yn 1964 is de pleats ôfbrând. De pleats wie fan Bonne Algra, mar de famylje Langhout wenne der. Wy kinne hjoed noch hieltyd de rige beammen sjen dy't ea by it paad nei de pleats lâns stiene.

Yn 1774 wie Uitse Melles hjir boer. Hy hie noch gjin famyljenamme. Dat ferplichte Napoleon yn 1812. Uitse wie trouw mei Wyske Harts. De fêste feint Eebe Jans wenne ek op de pleats. Hy sil in lyts fertrekje hân ha boppe de kowestâl. As der keallerij wie koe de feint der mei rêde en de boer hoegde der net foar út bêd te kommen.




Op freed de 18<sup>e</sup> febrewaris gie Eebe sa as altyd betiid oan it wurk. Hy soe wat rogge terskje. Hy hie wol sjoen dat der wat guod op de grûn lei, guod

dat ornaris op it finsterbank fan de telle lei. Nei dat Eebe in hoartsje terske hie gie hy yn 'e hûs om te iten, mar doe't hy wer op 'e telle kaam seach hy dat de skuordoarren los wiene en dat de skoattel der ôf wie. Doe waard hy ek gewaar dat der wat rogge miste. Hy hie al faker it gefoel hân dat der no en dan rogge ûntbriek, mar hy koe him net begripe dat immen yn de skuorre komme koe om rogge te stellen. De ramen en duorren waarden ommers altyd ticht dien jûns en foar it terskhúsfenster sieten izeren roeden. Doe't hy de boel better beseach murk Eebe dat der stikjes glês los sieten. In persoan koe it glês der út nimme, dan de hân troch it gat stekke om de skoattels fan de skuordoarren iepen te meitsjen. Sa koe de dief binnen komme, rogge opskeppe en troch de skuordoarren útnaaie. Dit fertelde Eebe oan Sijbren Rinsonides, ien fan de rjochters fan Tytsjerksteradiel, dy't de ferklearring opskriuwe moast.

It duorre mar eefkes doe't Willem Oeges der ek wie. Willem wie boer op de Lânsbuorren en in buorman. Uitse Melles en Willem Oeges ûntdutsen al gau 'voetleesten', fuotprinten yn de snie.

De beide mannen woene de printen folgje, mar op de Harsteloane, sa waard de wei fanôf de Lânsbuorren nei de Harstewei doe neamd, rekken hja it spoar kwyt, om't der te folle oar folk rûn hie.

Doe kaam Willem Oeges yn 't sin dat Sytse Hendriks fan de Harste in moanne of wat lyn by him wurke hie. Sytse wie in nuvere fint dy't net alhiel te fertrouwen wie. Willem hie Sytse ris oer de flier hân, wylst syn dochterke mei har skuon mei sulveren gaspen boarte.



Ien gasp rekke fuort en wêr't sy ek sochten, hja koene de gasp nearne wer fine. Sytse hie wol yn de gaten dat men him der foar oan seach. De oare dei brocht hy de sulveren gasp werom en sei mei in ûnnoazel gesicht dat hy 'it ding' yn in sok hingjen hie!

Sytse hierde de pleats dy't no bekend is as it Thomashûs. Dat wie yn dy jierren in hiel lyts spultsje. Sytse en syn frou Sytske Jans wennen sûnt 1771 op de Harste. Hja molken ien ko, hiene ien hynder en twa pûnsmiet lân. It wie grif in hiele toer om troch de tiid te kommen en it wie dan ek net raar dat Sytse wol ris besocht by in oare boer wurk te sykjen om sa in pear ekstra sinten te fertsjinjen.

Doe't Uitse Melles en Willem Oeges by it hûs fan Sytse kamen, wie de lêste op de telle dwaande mei it wynjen fan de rogge, om sa it tsjêf fan it nôt te skieden. Doe't Uitse oan Sytse frege oft hy rogge út de skuorre stellen hie antwurde Sytse fan 'nee', mar nei wat trochfreegjen joech hy dochs ta en sei dat hy wol in sek rogge werom bringe soe. Uitse gie hjir net yn mei, om't sa hy sei "nea syn eigen rogge werom krije soe".

Rjochter Rinsonides hie as taak ferklearrings op te skriuwen. As it om in slim fergryp gie waard it gefal fierder behannele troch it Hof fan Fryslân. As it om in lytse oertrêding gie dan koe de grytman it wol ôfhannelje. Yn it argyf fan it Hof fan Fryslân is neat te finen oer Sytse Hendriks en yn de Nedergerjochten komt de namme ek net foar.

Dat it der net goed foar him útseach hat Sytse grif wol begrepen. Yn de 18<sup>e</sup> ieu wiene de straffen foar stellerij net mis. In pear jier efter de traaljes foar sa'n fergryp wie net ûngewoan. Sytse seach mar ien útwei: útnaaie! Yn de belestingpapieren stiet efter de namme fan Sytse dat hy yn 1771 fan Eastermar kaam, mar yn it jier 1774 stiet der "vertrokken buiten de provincie"! Hy is útpykt, faaks nei Grinslân om sa oan de justysje te ûntkommen. Mooglik is hy dêr al gau stoarn. Yn 1776 komt de widdo fan Sytse Hendriks werom nei Eastermar.

*troch Ids Krol*

**KAMPIOEN IELRIKJEN SUMAR**

TINEKE DORENBS

Gerrit Lei út Dokkum Kampioen Ielrikjen Sumar

Op in sinnige 5 oktober striden 16 ielrikkers om it kampioenskip Ielrikjen Sumar. Gerrit Bosma en Richard Zwiers hienen as earsten de iel út de ridderskast/ton wei.

De karmasters/sjuery, Simon Haveman, Bertus de Jong en Pieter van der Leest hawwe wer in dreech putsje hâwn.

Lútzen Boonstra bakte farske kibbeling op it doarpsplein by Doarpshûs De Kamp. De ferkeap fan rikke iel gie fanôf 12 oere los. It wie moai bûten-iterswaar sadat de farsk bakte en rikke fisk goed ferkocht en opiten wurde.



**KAMPIOEN IELRIKJEN SUMAR** *vervolg*

TINEKE DORENBS

Guont ielrikkers wienen foar 12 oere troch bestelling al útferkocht. In oar docht net oan ferkeap, hy hat wat pûntsjes iel kocht om gewoan ris mei te dwaan foar de gesellichheid en sjen hoe fier hy komt.

De folsleine útslach nrs 4 oant en mei 16 en de punten binne ferlern gien by de priisútrikking. De útslach is nei de wedstriid meidield en prizen, beker en slûfkes binne oerlange.

De top trije:

1. Gerben Lei Dokkum
2. Klaas Batema Sumar
3. Eeuwe Zijlstra Burgum

Uitnodiging


09  
NOV

Hello/goodbye  
**PARTY**

Afscheidsfeest van Anneke en welkomstfeest van Edwin  
19.30 - 20.30 uur receptie met daarna DJ WINSTON BLACK  
@Dorpshuis de Kamp

*Iedereen is van harte welkom!*

WINSTON  
**WB**  
BLACK

**GEEF DE PEN DOOR** *vervolg**Hille de Boer***Geef de pen door....**

Mijn naam is Hillebrand de Boer. Ik ben op 1 september 1946 geboren aan de Bosweg 1. Dat is achter de boerderij aan de Joute van der Meerweg 16. Daar stond vroeger een heel klein huisje. Ik ben op gegroeid met 2 broers en een zuster. Waarvan ik de een na jongste ben.

In 1950 zijn we met het hele gezin verhuisd naar de Joute van der Meerweg 27, waar ik ook nu nog steeds naar tevredenheid woon.

Aan de Bosweg molken we geen koeien. Mijn vader verdiende toen de kost als arbeider bij mijn oma die vroeger 18 koeien molk aan de Joute van der Meerweg 16. Toen we verhuisden naar de Joute van der Meerweg 27 waren we in één keer boer. Eerst nog met de landerijen overal en nergens, maar via de ruilverkaveling hebben we dat wat dichterbij huis gekregen.



*36. Bosweg 1: Deze arbeiderswoning heeft veel bewoners gekend. Als laatste Sjoerd en Trien Spijkstra.*

Vroeger ben ik naar de basisschool in Sumar gegaan. Die stond toen nog aan de Greate Buorren. Na deze school ben ik thuis op de boerderij gekomen. Mijn vader molk daar 6 koeien. Ik deed de verzorging van de koeien, zodat mijn vader ergens anders aan het werk kon.

Verder ging ik 's nachts nog veel te kippenvangen. We deden dat samen met een groep jongens uit de buurt, voornamelijk melkveehouders. Daarnaast nog bij de loonwerker en was ik veel bij boeren in de buurt aan het werk. De boerderij hadden we ook nog steeds en daar zijn we geleidelijk gegroeid van 6 melkkoeien naar later 19 melkkoeien. We molken deze allemaal nog met de hand.



*Foto, autocross 1996.*

*Deze pony werd na de cross verloot onder het publiek.*



In 1984 zijn we gestopt met de melkkoeien door de steeds ingewikkelder wordende regelgeving. Ik ben toen verder gegaan met het mesten van vleesvee en het opfokken van vaarzen. Er was in die tijd veel vraag naar melkvee, dus zodoende hebben we het daar een paar jaar best leuk mee gehad. Verder was ik nog steeds in het losse werk.

Pieter de Vries, die boer was aan de Ielke Boonstraloane in Garyp, is wel 40 jaar mijn kameraad geweest. We gingen eigenlijk iedere zaterdag op stap en ook regelmatig op de zondag. Ons favoriete uitgaansgelegenheid was café de La Paix in Drachten. We gingen daar met een vaste groep jongens naar toe. Het waren altijd erg gezellige avonden die we vulden met kaarten en sterke verhalen. Goeie herinneringen heb ik hieraan. Vaste prik na het café was ons laatste adres op de kaden bij Durk Boonstra, alias Durk patat. Was een puikbest cafetaria naast de Champino bar aan de kaden in Drachten.

Met Pieter de Vries ging ik op zondag vaak even te toeren. Pieter en ik mochten graag even de "klaei oer", kijken hoe het de boeren daar verging. We gingen ook samen wel eens een hele dag weg, we gingen dan wat verder weg te toeren. Maar altijd weer s' avonds rond een uur of 20:00 thuis.

Tegenwoordig vermaak ik me als hobbyboer. Net als de vorige penschrijver. Verder help ik hier en daar nog wat met bijvoorbeeld wat erf opruimen. 's Avonds wordt ik regelmatig opgehaald door Johannes Spoelstra. We komen dan samen op een hangplek op Sumarreheide, maar ook in de Tike hebben we een plekje.

Ik geef de pen door aan Hendrik Kloosterman.



<b>WAT WAS HET WEER OOK WEER?</b>	<i>Dirk Strijker</i>
-----------------------------------	----------------------

Het weer (2 september – 7 oktober)

Op 2 september passeert rond 12.30 uur een onweersbui met enkele flinke dreunen. Daarna komt de zon er flink bij en schiet de temperatuur omhoog naar 28 graden. Het wordt broeierig warm. 's Avonds trekt een onweersbui westelijk langs Sumar. Veel regen brengen de 2 buien niet. Samen maar 1,5 mm.

Het onweer maakt geen einde aan het zomerweer. Op 5 september opnieuw 28 graden en ook op 26 september is het zomers warm: 26 graden. De dagen erna wordt het geleidelijk minder warm. Vanaf 10 oktober wordt de 20 graden niet meer gehaald. Zowel op 10 als op 11 september wordt 10 mm neerslag afgetapt. Daarbij valt op 11 september een flinke hagelbui.

Daarna keert de zon weer terug, blijft het nagenoeg droog en wordt het geleidelijk warmer. Op 15 september verschijnt de 20 graden weer eens op de thermometer. Dit is het begin van een fraaie periode met droog weer en veel zon. Daarbij wordt het dagelijks ruim 20 graden. Mooiste dag is zaterdag 21 september. Uitbundige zonneschijn doet het kwik oplopen tot 23 graden. De paardenmarathon op Sumarreheide kon zich geen beter weer wensen.

Ook daarna laat de herfst nog steeds niet van zich horen. Pas op 26 september begint het weer te verslechteren. 's Avonds wordt 9 mm neerslag afgetapt. Ook 27 september is met 12 mm behoorlijk nat. Op 28 september moeten we het 's middags doen met een kille 14 graden, dat is even wennen. Op 30 september 's avonds als toetje nog flink wat regen. In september viel een normale hoeveelheid regen: 86 mm tegen normaal 84 mm. De zon liet zich vaak zien: 179 uren, terwijl we 135 uren mochten verwachten. Met gemiddeld 15,7 graden was de maand ruim 1 graad te warm.

Begin oktober blijft het rustig in de atmosfeer. 1 oktober is een dag zonder zon en dat hebben we lang niet meer gehad. 's Middags regen. Is de herfst begonnen? Nee, want de dagen erna blijft het nagenoeg droog en komt de zon er weer prima bij. Maar, er loert gevaar. Een ex-orkaan nadert West-Europa en hoe dat uitpakt?

In september is de vogeltrek in volle gang en is voor ons dus een geweldige maand. In deze maand kun je altijd mooi zien welke soorten een goed broedsucces hebben gehad binnen en zelf buiten Europa. Dit jaar bleek dat o.a. de **Zwartkop** het goed gedaan heeft, want we vingen er in deze maand maar liefst 528 van. Ook komen in september vaak zeldzamere soorten deze kant op en dit jaar was dat o.a. de **Bladkoning**; deze overwintert normaal in India.

